

Preek by Johannes 20, 11 – 18 en Heechliet 3, 1-4

Stiens, 8 april 2007, **St. Vitustsjerke**

Gemeente fan Jezus,

Twa mominten út it efangeelje fan de ferrizenis wol ik hjoed, op de achtste dei fan Peaske, foar it ljocht hâlde.

It earste is Maria dy't stiet te skriemen by it grêf fan Jezus.

De measten fan ús hawwe wolris by it grêf stien fan in dierbre dy't ferstoarn is.

Faaks op de stjêrdei, of op in jierdei, of samar efkes as it útkomt.

De ien nimt wat mei, in blom, in Stien, de oar komt mei lege hannen.

Mar faaks binnen wy by in grêf en hawwe it gefoel: Hjir is neat!. Hy of sy is hjir net.

Ik stie in pear wike lyn by it grêf fan myn broer Tjalling, en ik sjoch dan syn name op'e stien, mar ik hie in leeg gefoel. Hy is dêr net. En yn sekere sin is it grêf leeg.

Yn sekere sin is dat deselde erfaring as my Peaske. Hy is hjir net, it grêf is leeg.

Mar wy kinne ek by in grêf stean mei in leeg gefoel.

As ik by Tjalling syn grêf stean dan geane myn gedachten werom nei 1996, nei syn begraffenis, en al dy bylden sjoch ik dan wer foar myn eachen foarbygean. Mar ik stean dêr mei in leeg gefoel.

En dêr is gjin sprake fan twa ingels yn wite klean. Dêr is gjin sprake fan dat dêr ingels binne dy't wat sizze tsjin ~~mei~~ <sup>me</sup>. It is einliks allinich mar in leeg gefoel, in gefoel fan gemis.

Mar sa soe it net wêze moatte!

Wa't yn de ferrizenis leauwt, dy stiet nooit mei in leeg gefoel by in grêf. Sa soe it wêze moatte.

Steande by in grêf soenen wy belide moatte: Hy of sy is hjir net, hy of sy is nei de himel, hy of sy is te plak. Hy of sy is by God. Hy of sy is yn it ljocht. En dan gjin leeg gefoel, mar in gefoel fan follens, dat ús dierberen yn goede hannen binne.

Sa soe it wêze moatte.

Wa't leauwt yn de ferrizenis kin einliks net mei in leeg gefoel by in grêf stean.

Maria is om sa te sizzen de earste dy't dat leare mei. De ingels freegje har derom: Werom skriemst do? De ingels begrype de triennen fan Maria net.

Wa't yn de ferrizenis leauwt dyn soe by it grêf fan in dierbre einliks dûnsje moatte.

Der is in prachtig boek oer twa jonges, dat hyt: Wolst do dûnsje op myn grêf. Twa jonges fan in jier of 14 binne dikke freonen, dwers troch alles hinne. De iene is tige drok, en beweeglik, en de oare is kalm en bedaard. De beide jonges hâlde fan elkoar se binne altyd tegearre. En dy drokke jonge seit tsjin syn maat: Do moast my tasizze, as ik dea bin, dasto dûnsjke silst op myn grêf, want ik hâld fan dy, en do meist net fertrietig wêze as ik yn de himel bin.

In pear wike letter komt de jonge om by in ûngemak. Hy seach net goed út yn syn drokke aard en hy waard oanriden.

De oare jonge is kapot fan fertriet. Mar in pear wike letter, yn 'e nacht, wurd dizze jonge troch de plysje oppakt. Se hiene him arresteert op it tjserkhôf, der't hy stie te dûnsjen op it grêf fan syn freon.

Hy wie syn tassizing neikommen.

Yn dit prachtige boek hear ik ek it Heechliet trochklinken. De breid syket har alderleafste, se leit yn 'e nacht wekker en dreamt fan him. De leafde is grut en sterk. En dan syket se him oeral, en úteinlik fynt se him en dan hâldt se him beet en lit se him net wer los, stiët d'r.

En hjir sit in grut ferskil mei Johannes 20. Dêr seit Jezus tsjin Maria: "Hâld my net beet!" Maria mei de Hear nét beethâlde, want Hy moat nei syn Heit yn 'e himel. Maria moat Him loslitte, sa't wy ús dierberen yn de dea loslitte moatte. Mar se mei de Hear loslitte, nét mei in leeg gefoel fan binnen, nee, se mei Him loslitte mei in gefoel fan follens en bllidskip, dat Hy by de Heit yn 'e himel is.

Wa 't yn de ferrizenis fan Kristus leauwt, dy moast einliks dûnsje op it grêf fan syn grutte leafde.

Sa soe it wêze moatte.

Dit is it earste.

It twadde momint fan Peaske dat ik hjoed foar it ljocht hâlde wol is dit: Somtiden moatte wy ús gebeden oanpasse.

Earst dan herkent Maria de Hear net, se tinkt dat it de túnman is. Mar dan neamt Jezus har namme, en dan herkent se Him en dan neamt Maria Him by de namme sa't se dat altyd went wie: Rabboeni, master.

Fan jongsôfoan leare wy hoe't wy God oansprekke meie. Dan sizze wy Heit yn'e himel, of wy sizze: Goede God. Dat leare wy fan heit en mem, fan master en dûmny.

Sa hie ek Jezus fan syn heit en mem leart dat er God 'ABBA' neame mocht, dat is: Goede Heit.

En dat hie de jonge Jezus altyd <sup>die</sup> dyn, yn syn gebed sei er dan altyd ABBA, goede Heit.

Mar doe't se Him oan it krús spikere hienen, doe moast sels Jezus syn gebed oanpasse, doe koe d'r net mear sizze ABBA, goede Heit, nee, doe skriemde de Hear: "Myn God, myn God, werom ha jo mei ferlitten?"

Der binne tiden en der binne dagen dat wy ús gebeden oanpasse moatte.

It binne de dagen da't wy in dierbre loslitte moesten nei in ernstige sykte of nei in slim ûngemak.

De dagen dat wy berichten krije fan ús alderleafsten dy't ûnferdraaglik binne. It binne de dagen dat ús libben oanfochten wurdt troch tsjinslach en pine.

Dan moatte wy ús gebeden oanpasse. Dan wol it bidden net mear.

En as wy dan wól bidde, dan wurdt ús bidden skriemen en roppen: Myn God, myn God, moat dit no sa, kin dit net oars, dit is fierstente betiid, werom, werom, Heare help ús!

Somtiden moatte wy ús bidden oanpasse.

Sa giet it yn it libben.

Mar wa't yn de ferrizenis fan Kristus leauwt, dy sil hieltiid wer besykje om openij te learen om te sizzen en te bidden: ABBA, goede Heit.

Sa soe it wêze moatte.

Wy moatte net stykjen bliuwe yn de delte, wy moatte net fêsthâlde wolle oan de dagen dat wy ús gebeden oanpasse moasten, nee, wy meie, mei de krêft fan God, besykje om wer op te stean, wer op te klimmen, en wer taal te jaan oan ús leauwen, en heit en mem wer nei te sizzen: ABBA, goede Heit.

Dat is Peaske. Sa moatte wy Peaskeminsken wêze.

Us grêfstienen getúge derfan.

Sjoch mar: Dêr stiet op in stien: Tot de dag der opstanding.

En dêr stiet op in oare Stien: God is goed.

En dêr stiet op in houten krús: In liefde geborgen.

En fierderop leit in stientje: Us jonkje, no yn it ljocht.

Dat is Peaske.

By it grêf fan dyn leafste, dy net leeg fiele, mar fól fan leafde en fól fan ABBA.

Dat is Peaske.

Dat wy dûnsje op it grêf fan ús alderleafste.

Dat is Peaske.

Dat wy ús gebeden wolris oanpasse, mar dan ek wer duorre te bidden ABBA,  
goede Heit.

Dit is Peaske, sa soe it wêze moatte.

En mei Gods help kin it ús slagje.

AMEN